

**Ferslach jiergearkomste FFU, woansdei 21 april 2010**

→ 100421

Plak: 'It Aljemint', Ljouwert

Tiid: 13.15-14.00 oere

Oanwêzich: T. Dijkstra (foars.), E. Knotter (pongh.), S.T. Hiemstra (skr.), G. Gerbrandy, en de leden K. Straatsma-Westerhof en J. Wassenaar

Mei berjocht ôfwêzich: Th. van der Veen, B.J. Postma, K.C. Scholten, J. van der Velde, W. Grit

1. Wolkom

De foarsitter hjit de oanwêzigen wolkom yn in herne fan 'It Aljemint' te Ljouwert, dêr't it *Pedagogysk Wurkferbân* fan de Fryske Akademy fan twa oere ôf in stúdzjegearkomste organisearje sil oer it tema *Mjitte*. Dêr wurdt meiwurking oan wurdt ferliend troch E. Klinkenberg, as metodolooch ferbûn oan de Fryske Akademy, en H. Godlieb, basisskoalldirekteur yn Nije Pekela. Us jiergearkomste giet dêr oan foarôf.

2. Ferslach jiergearkomste fan 4 novimber 2009

It ferslach fan de jiergearkomste op 4 novimber 2009 wurdt sûnder ynhâldlike opmerkings oannommen, mei tank oan de skriuwer.

3. Nijsbrief/Jierferslach 2009

- Us *Nijsbrief/jieroersjoch* wurdt oereide.

Der binne in grut tal aktiviteiten yn de provinsje dêr't leden of bestjoersleden fan de FFU, somtiden op eigen manneboet, oan dielnimme of ynformaasje oer hawwe. It soe skande wêze as dy befinings of dy ynformaasje net nei bûten komme soene. De skriuwer freget dêrom om alle ûnderfinings en ynformaasje op alle mêden dy't foar de FFU fan belang binne, troch te jaan om dy opnimme te kinnen yn it jierferslach, c.q. oan it webstek ta te heakjen.

- It *FFU-webstek* wurdt gauris besjoen. It is in effektyf middel om ferwize te kinnen nei alle foar it wurk fan de FFU relevante ynformaasje.

- Op it *Krystkongres* fan Fryske studinten yn Frjentsjer is de gelegenheid oangrypt om it krewearjen fan de *FFU* nei foarren te bringen (T. Dykstra). Us struibrief hat dêr noch gjin nije leden opsmiten.

4. Leden en bestjoer

It kontakt mei Corlienke de Jong, wurksom oan it *Friesland College* en 'omtinker foar it Frysk', wurdt tige op priis steld en wy wolle graach dat sy in sit yn ús bestjoer oannimt. R. van Dijk is ferhuze en wurket net mear yn Stiens. De gemeente Ljouwert jout gjin ynformaasje oer syn nij wenplak. De post hat de stikken oan ús weromstjoerd.

5. Finansjeel ferslach

- *Ferslach 2009*

De kaskommisje, Koop Scholten en Jannes v.d. Velde, hat de boekhâlding kontrolearre en goedkard. It spardeposito fan de Friesland Bank is oerbrocht nei de rinnende rekken by de ING. De Kaptaalrekken ING wurdt omset yn in Sparrekken ING, dy't mear rinte opsmyt. Der is yn it boekjier 2009 minder útgjûn as dat der ynkommen is, sels as it ekstra sparjild fan de Friesland Bank bûten beskôging litten wurdt.

Nei it ferstjoeren fan it útnoegingsbrief foar de ledegearkomste, wurdt troch in tal leden fuortdaliks it ledejild oermakke, mar nei ferrin fan tiid rekket dat by oaren wer op 'e lange baan. No't de leden gjin akseptgirokaart (mear) tastjoerd krije, liket der ferlet te wêzen fan in oare yn-it-sin-bringer. De gearkomste stelt út om by de útnoeging foar de ledegearkomste tenei in apart briefke foar de finânsjes mei te stjoeren. Guon leden betelje mear as de fêststelde kontribúsje en dêr binne wy har tige tankber foar.

- *Nije kaskommisje*

As opfolger fan Koop Scholten sil Jaap van der Bij frege wurde om mei Jannes van der Velde de nije kaskommisje te foarmjen.

6. Wat fierder op it aljemint brocht wurdt

Der wurde gjin nije punten op it aljemint brocht.

7. Omfreegjen en sluten

De foarsitter tanket de oanwêzigen foar harren bydrage en slút om twa oere de gearkomste. Wy tidigje op in nijsgjirrige middei mei it *Pedagogysk Wurkferbân*.

*Ed Knotter/Sytze T. Hiemstra
Beetstersweach/Drachten,
maaie 2010*